

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan

Bertus Mulder (1949) opwoeksen yn Makkingea, studearre arbeidssosjology yn Grins, promovearre yn 1991 by Lolle Nauta op *Andries Sternheim: een Nederlands vakbondsman in de Frankfurter Schule*, wie dosint sosjale skiednis op de NHL en fan 1995 oant 2007 deputearre foar de PvdA yn Fryslân en lid fan de begjinselprogramkommisje fan de PvdA fan 2005. Publisearre oer de betsjutting fan Troelstra foar de Fryske taalpolityk. Skreau yn *De rode canon, een geschiedenis van de Nederlandse sociaal-democratie in 32 verhalen* oer 'De Eerste Internationale in Sneek' (Den Haag 2010). Troelstra is ek it startpunt fan syn oersichtwurk *Het hart van de sociaal-democratie. Over het belang van Arbeid en Zeggenschap* (Den Haag 2012).

Piet Hagen (1942) wie sjoernalist by *Trouw*, dosint en direkteur fan de Fakulteit Sjoernalistyk fan de Hogeschool Utrecht, haadredakteur fan it fakblêd *De Journalist* en meiwurker fan *NRC Handelsblad*. Behalve de yn 2010 ferskynde biografy fan Pieter Jelles Troelstra publisearre er û.o. *Journalisten in Nederland, een persgeschiedenis in portretten* (Amsterdam 2002).

Johanneke Liemburg (1952) begûn har karriêre yn 1970 as sjoernaliste, suksessyflik by de *Drachtster* en de *Leeuwarder Courant*. Dêrnei studearre sy politikology oan de Universiteit fan Amsterdam (ôfstudearre yn 1981), wurke foar de Fryske Kultuerried (de Kulturele Ried fan Fryslân) en waard polityk aktyf foar de PvdA. Yn 1978 waard sy lid fan provinsjale steaten fan Fryslân, yn 1987 deputearre en yn 1994 lid fan de Twadde Keamer. Yn 1998 waard sy koördinator fan emansipaasjeburo Equa en sûnt 2000 is sy boargemaster fan de gemeente Littenseradiel. Yn 2010 promovearre sy oan de Fakulteit Godgeleardheid en Godstsjinstwitten-skip fan de Universiteit fan Grins op in biografy oer Fedde Schurer, titel: *Fedde Schurer (1898-1968), biografie van een Friese koerier*.

Frank van Vree (1954) is heechlearaar Mediastúdzjes en dekaan fan de Fakulteit Geaswittenskippen oan de Universiteit fan Amsterdam. Hy studearre skiednis en filosofy yn Grins en Leien. Syn wurk beweecht him op ûnderskate terreinen: fan moderne skiednis, kollektyf ûnthâld en histoaryske kultuer oant media en sjoernalistyk. Belangrykste publikaasjes: *In de schaduw van Auschwitz. Herinneringen, beelden, geschiedenis* (1995), *De metamorfose van een dagblad. Een journalistieke geschiedenis van de Volkskrant* (1996), de trije essays *De scherven van de geschiedenis* (1999), *De politiek van de openbaarheid* (2000) en *De wereld als theater* (2006), en koart-lyn de bondels *De dynamiek van de herinnering* (mei Rob van der Laarse 2009) en *Performing the Past. Memory, History, Identity* (mei Karin Tilmans en Jay Winter 2010).

Lammert de Hoop (1957) is opgeleid als historicus aan de Rijksuniversiteit Groningen. Hij is werkzaam als marketingadviseur onder de naam Cronique. Verbinding van historie, identiteit en actualiteit voor marketing en communicatie is een van zijn specialisaties. Als auteur was hij betrokken bij de publicaties "De Afsluitduik. Brug en waterscheiding" (Leeuwarden, 2008) en "Van Sytzama tot Scheringa" over het Friese landgoed Rinsma State (Leeuwarden, 2009). Samen met Arno Borneboek schreef hij de eerste naoorlogse biografische studie over Talma: 'De rode dominee A.S. Talma' (Boom, Amsterdam, 1910). Naast de historische studie verscheen in samenwerking met Stichting Beeldlijn de TV-documentaire 'Zelfs vindt de musch een huis O Heer' over Talma en de Talma zorginstellingen (ook op DVD). In mei 2012 organiseerde hij in samenwerking met Tresoar en de A.S. Talma Stichting het Talma-seminar 'Solidair of solitair?', over zorg en maatschappelijk ondernemerschap.

